

Oan de ôfgeande haedbistjûrders foeget hjir (better yette hie it op 'e gearkomste foege) in wird fen weardearring en tank. Foar sitters lyk as Ds. Wesbonk him toande to wêzen binne der krap, en dy sjugge wy net mei wille gean. Mei it it nije haedbistjûr slagje in weardich opfolger for him to finen.

F. S.

UT BIGREATSJEN.

Wy kleije wol: hja achtsje ús net
 En fiel' net for ús striid sa skoan,
 Hja gean' spytgnyskjend ús foarby —
 Mar dêr is neat fen oan.

Hja miene it o sa goed mei ús
 Dêr't hjar ús moeisum wirk fortret,
 Hja fiele for ús Fryslân gâns,
 It leit hja nei oan 't hert.

Hja sizze ús suver ho't it sit,
 En geane trou de wierheit nei,
 It Frysk, det is in boeretael
 En dêr den ek mei wei.

Hja sizze: alles op syn plak,
 Yn tsjerke en skoalle en rieden: heech,
 By kij en hynsders past wer skoan
 In mûlfol plat mei leech.

Nim oan, jimm' Fryslân stie ris op
 Mei Fryske psalm en liet en preek,
 En hiel jim libben yn sa'n steat —
 Jim rekken fen 'e streek.

It is wol sa: it is in tael,
 Grif ek wol in aparten-ien,
 Mar wêz net al to folle apart:
 Den wird' jim misforstien.

Hwent as der gjin great-Hollân wier
 Mei heech en wiis en sterk bistjûr,
 Den gyng âld-Fryslân fêst rampoi
 En bleau der neat fen oer.

Hwet mear men oan 't forlykjen slacht
 Hewet mear 't yen klear en dúdlik wirdt:
 Heech Hollân is sa'n greate broer
 En Fryslân is sa'n pjut.

En alles hwet for heechs jim ha
 Kultuer, ûntwikking, preek en sa
 It ljocht fen moade en kinst en styl
 Komt jim út Hollân ta.

Hja sizze: Wy binn' mâl mei jim,
 En fiele ús by jim dreechs wol thús
 Mar jim apart — jim wierne wei,
 En dat bigreatet ús.

Dêrby, der is safolle goeds
 Jim tastjûrd oer 'e Sudersé —
 Wêz jimme den for al dat skoans
 Om ús to tsjinjen ré.

Jim binne yn 'e wrâld ta tsjinst
 Fen Nederlân, dat heart ek sa
 Jim kinn' mei eigen ljocht en tael
 Dochs yn gjin stikken ta.

— — — — —
 Dos dan mar sa? né, 't scil net gean,
 Wy brekke út frjemde skyn en bân,
 Wy greane ús eigen paden op
 Yn tsjinst fen 't eigen lân.

't Is wier, wy binne dûbeld lyts,
 Us eigen wêzen draegt in spot —
 Mar hwet is rykdom, steat en macht,
 Hewet lyts ef great by God?

Net om great swé dêrmei to slaen,
 Mar om ús eigen aerd en tael
 To wijen yn 'e tsjinst fen God,
 Bliuw wy by 't ideael. A. M. WYBENGA.

Foarjeften ta in Hollânsk-Frysk Wirdboek.

Hollânsk.	Frysk.
Alsjeblieft, als 't u belieft.	<i>as jy wolle, ast wost.</i>
as utering fen fatsoen:	Master, <i>as jy wolle</i> , de krante.
Bygelyks: Meester, <i>als 't u</i> <i>blieft</i> , de krant.	Siz, heite, bring dat koerke apels effen foart <i>ast wost</i> .
Zeg jo, breng dat mandje ap- pels even weg, <i>alsjeblieft</i> .	<i>biljeaven</i> .
as utering fen in sin:	Lit my <i>biljeaven</i> los.
Bygelyks: Laat me <i>asjeblieft</i> los.	Tink der om jonkje, ef ik scil dy in ûngemaklik wan bruijen jaen. Né heit, <i>biljeaven net</i> .
Neem je in acht, jochie, of ik zal je een geducht pak slaag ge- ven. Nee pa, <i>asjeblieft</i> niet!	
Receptie.	
geen <i>receptie</i> .	gjin <i>drokte</i> ; better lykwol is: gjin <i>oanrin</i> , ef: <i>ljeafst</i> gjin <i>oan-</i> <i>rin</i> .
<i>receptie</i> Zondag 3 Mei te Hee- renveen en Zondag 10 Mei te Drachten 's avonds tusschen 7 en 9 uur.	<i>lokwinckjen</i> Snein de 3de (deis) fen Maeimoanne op it Hearren- fean, en Snein de 10de fen Maei- moanne to Drachten (yn 'e Drach- ten), de jouns fen saunen oant njoggenen.
	<i>Oanmerking.</i> Is de namme Drachten faeks in meartalfoarm? It wieren earen tominsten twa doarpen: Noard- en Súd-Drach- ten, en âlde ljue sizze yette: yn 'e Drachten.

hwet God it joech. It kin sims de ropping fen de inkeling wêze yn selsforsaking frijwillich ûnder to gean. In folk hat *nea* dy ropping. In inkeling hat in ivich libben, mar in folk net. In folk, det net ré is syn eigen selsstannigens to noedzjen, hat it fielen fen syn godlike ropping forlern. It offeret him net op, it bidriuwt selsmoart. It is in eigen bistanet net wirdich. It fortsjinnet net oars as det it toraent yn in oar folk.

Der is in seedlik en geastlik bisit, det mear wirdich is as wolfeart en frede, en der't men alles for oer hawwe moat.

Krekt sa goed as wy opkomme moatte for it rjucht fen it swakke en fortreaune, moatte wy ek for it rjucht fen ús folk: himsels to wêzen en to ûntjaen nei eigen oanliz en aerd, de striid weagje doare.

Det is plicht. Fen Gods ús oplein.

As wy it *sa* sjugge, — en sa *moatte* wy it sjen as Kristenen! — den scille wy net ôfsidich stean bliuwe, omdat wirk ef posysje ús tawiisd yn 'e biweging ús net sinnigje; scil wy net kleije oer to min tiid ef talint; scil wy net skruten wêze for bistriding.

Hwent den witte wy, det Hy, dy't ús de needsaek fen to striden opleit, ek krêft jaen scil om trou to wêzen.

Det de Hear yn 'e wei fen plicht jimmer Syn seine jowt.

Det ús wirk net om dôch wêze scil, hwent wy stride for it rjucht en for de eare Gods.

Den is it lytse, is ús biskieden plak, ús great, hwent wy sjugge den ús striid yn it ljocht fen 'e ivichheit, as alle folk, en alle tonge en alle tael Him loovje scil, Dy't de folken laet de ieuwen troch en se tsjinstber makket oan 'e komst fen Syn keninkryk, hweryn gjin ûnrjucht en gjin striid mear wêze scil.

H. S. VAN HOUTEN.

OAN 'T BERNTSJE.

Ho, helder each, ho, derten wang,

Ho, lyts postuer, sa frij,

Ho, laitskes fen dyn fifelfjier,

Ho, berntsje, ljeavje ik dy!

Hwet sjuchst de rike, romme wrâld
 Noch boartsjend feestlik yn,
 En jowst' dy oan 'e blommen oer
 By 't heil fen sinneskyn.

De weachjes yn 'e nûnderfeart
 Binn' 't himelfjûr bitroud;
 Sjuch, tûzen stjerkes sprankje d'r oer;
 Sa skittert dounsjeend goud.

Sa dû myn bern mei 't inglehert,
 Saunfâlde himelstjer;
 Hwent laket dy Gods sinne ta
 Dû lakest saunris wer.

O helder each, o derten wang
 O bliuw noch tiden bern,
 En lit my yn dyn glimkes 't goud
 Fen himelblidens sjen.

Ik libje yn dyn loksillichheit
 Wer op ta blider dei;
 Nou is de freugd fen eigen jeugd
 Mei wer sa strieljen nei.

A. M. WYBENGA.

Vincent van Gogh.

(It lêste).

Wol de kinstner mear wêze as artist allinnich, scil hy oan it folk in boadskip bringe, itsij fen moanjende earnst, itsij fen bifrijing ef treast, den moat syn died oerienkomme mei it tsjûgenis fen syn kinst. Ek, ja foaral ta him komt de ienfâldige, mar twingende eask, om wier to wêzen. It libben, hat immen sein, wirdt net fordield yn theoryen, yn systemen, mar yn hâldings, yn dieden. Mei in lytse fariaesje hjirop jildt for de kinstner: it libben falt net útinoar yn

WOUTERKE

(STIKJE FOR FAMKES)

Einlings wier 't den sa fier det ús njuet skiep lamje scoe. Hwet hiene wy dêr nei útsjoen. Dat ljeave skiepke dat wy sa foerre hiene, yn 'e tiid do't er op 'e knibbels kroep om to iten. Do't er sokke tsjokke poaten hie, det hy koe der net op foartkomme. Nou koed er ús net sjen ef hy bêke ús al tomiette.

„Nou,” sei heit, „nou moat jim marris meikomme nei de skûrre.”

„Hofolle binne der?” rôpen wy beide tagelyk.

„Dat scil jim aenstouns wol sjen,” sei heit slûchwei, op in manear eft de saek him net rjucht noaske.

En do't wy oer 't sket loerden, en alle hoeken ôfdikeren, rôpen wy beide: „mar ién!” Hwet wier ús dat ôffallen.

Ja, der wier mar ién lamke! —

Mar ik leau, ien ef mear, dat koe it âld net folle skele. Hy wier der likefolle danige mâl mei. It lamke laei flak foar syn kop, hy slikke der hieltyd op om, en sei sa hiel oars as oars: bê, bê, bubberdebê!

It dûrre net mâlle lang ef ús lyts bistke bisocht om oerein to kommen. Hy laei op 'e knibbels en skuile mei de efterein hinne en wer.

Plof! it wier mislearre en mei't er in heal slach oer 'e rêch die, laei er op 'e groun to spinfoetsjen.

Mar hy woun de striid wol. It dûrre net mâlle lang ef: „hy sit der al ta”, sei heit.

Hwet hiene wy it bistke graech oer syn kroltsjes aeije wollen, mar dat koe net, hy wier noch to giel en to glibberich.

Moarn marris sjen”, ornearre heit, „'t is nou for ús lytse famkes bêdgongerstiid”.

„Nacht lamke, nacht ljeaf lyts lamke, nacht âld skiepke”, seine wy en stieken ôf.

Do't wy de oare moarns wekker op bêd laeijen, hearden wy wol ho't heit tsjin mem sei: „ik wit der neat fen hwet ús âld skiep miskearret, dy is grif net goed. Hy leit der sa slûch hinne”.

Wy sammelen ûnder 't klaeijen net healfearns sa lang om as oars gewoanliken, sa'n langstme hiene wy nei 't lamke, ús lamke, lyk wy

greatsk tsjin inoar seine. It scoe nou wol droech wêze, en den woene wy it efkes, efkes oankrûpe.

Mar do't wy yn 'e skûrre kamen, koene wy ek wol sjen det it mei ús njuet skiep net doogde. Hwet seach 't oars altyd helder om him hinne, en nou laei syn kop plat oer 'e groun, en hy taelde net nei syn lamke. Och, hwet sprong it ljeave dierke der ûnrêstich om hinne en blettere hieltyd mar fen mê-ê mê-hê-hê.

It âld skammele noch al om oerein to kommen, efkes stied er, en dy lytse lammeteit socht wispelstirtsjend it jaer op, mar och, och, dêr truzele syn mem wer hinne.

Mei in setsje kaem er hielendal net mear oerein.

„Ik leau net det der forwin op is”, sei heit.

En do ha se ús njuet skiepke op 'e karre foartbrocht.

Hwet tsjittere ús teike dêr bihyplik om, en hwet skriemde er earmhertich fen „mê, mê”. Hy socht alle hoekjes ôf, mar syn mem wler der net mear. It wier in weeske, lyk as master ús wol fen forteld hie.

„Mar gau nei de winkel om in pear lammesûgers”, sei heit, „wy scille ris sjen eft wy ús Wouterke hwet takrije kinne. 't Is in eike, as 't yn 't libben bliuwe wol, moatte wy it mar hâlde”.

Do't ik mei de elastiken dinkjes oansetten kaem, stie mem al ré mei de flesse.

It gyng op in minsterjen, mar einlings bigriep ús lytse pesjint, det er it dêr fen ha moast. Hy bigoun al in bytsje to wispelstirtsjen do't syn neimakke mem him de waerme mólke yn 't bekje brocht.

It gyng dy deis sahwet mei ús learen. Master seach alris mei in skean each nei my, do't ik rjucht foar my út siet to dikerjen, en hy frege oan ús Wik eft er hjar brein hwet opslypje scoe.

Hwet wierne wy dy jounne hastich út skoalle wei thús en yn 't ôfskette for ús lyts weeske. Hy wier al hwet wezentliker wurden, en wy hiene in danige niget oan syn skranke spronkjes. Mar by tiden stied er wer pal; den kaem 't him wer yn 't sin, en blettere er oan ien tried wei fen mê, mê, krekt eft er mêm seit, oarnearre Wik.

Och hwet moasten wy dat ljeave snútsje oanhelje. Krekt eft wy it forgoedzje moasten det it syn mem sa bitiid misse moast. Mar hwet wier 't ek in sierlik bistke mei syn wollige krollders en syn dûnkere eachjes!

Dêr kaem mem oan mei de flesse.

„Meije wy it him jaen, mem?”

„To den mar, mar oppasse hear!”

It hiele bealichje skrepte en it lyts bekje sûpe-en-putske sa! stip, stip, stip, en it goerrele nei binnen.

„Jim binn' handige famkes, hear”, sei heit, dy't om it hoekje fen 'e skûrr' doar loerde. Miende er dat nou, ef hie er dêr in koareltysje de grap mei?

„Moatte jim him net efkes oankrûpe?”

Do fleagen wy heit oan en seine, bistraffenderwize: „scil heit dat ek wer sizze? oars giet it yette raer mei heit en krûpe wy heit oan.”

Dy jounne op bêd praetten wy noch op ús lytse lamme-tamme om, en heit ornearre al: it bistke moast mar mei ûnder de tekkens. Mar mem praette op smoargens om.

Do't wy it gebetsje opsein hiene, lústere Wik: „Heare, biwarje ús ljeaf lyts lamke”. Do glimke mem sa nuver.

Alle dagen alweroan hiene wy wille mei ús Wouterke. Hy mocht nou bûtedoar en hie ús jong geitsje ta kammeraet. Dat wier in gaedlik bistke om him it wyldzjen to learen. Togearre kateren se it hiem op en del, it sikje foarop fensels.

Op in jountiid stiene wy nei ús lytse skarlunen to sjen. Hip, hlp, de kopkes heal oerside hâlde, de snútsjes gutich op en del lûke, mei alle fjouwer poatsjes fen 'e groun ôfsprings, sa wierne se oan it gymnastykmeitsjen, sei heit.

Efterhûs laei de melkplanke oer 'e sleat. Jonge, tocht sikje, dêr moat ik ekris oer.

Dû net, dû net, lammeteit!” rôpen wy do't wy seagen, ús Wouterke scoe sikje efternei.

Mids op 'e planke, dêr wier 't al sa. Ploemp! — en wy fleagen der op ta. Lökkich, hy kaem al wer boppe en heit pakte him by syn lammebaitsje.

Och hwet wier er wiet do't er wer op 'e wâl stie. Hwet bigreate it ús om it lytse bealichje. „Undogenske sikke, dat is *dyn* skild,” sei Wik.

Mar it wier neat fen slimme gefolgen. Hy koe der like goed om oanwinne.

De flesse, hwet wier er dêr slij nei. As wy rôpen: „Hwer is 't bistje den?” kaem er der al oan hip-en-tripkjen. Mar hy waerd al wreder oer syn sûgers. Hy hie al ridlik gau wer ien kapot biten. Heit

praette der al op om, it wier ús skild, wy hâldden him net goeder-nôch beet en lieten him mar tapompe, mar heit koe wol hwet sizze. It wier ommers sa'n ljeave lammetamme, en hy mocht it sa graech. Ho scoed er en net in bytsje rimpen wêze!

Do't de seis wike om wierne, sei heit: „nou moat er it lân mar yn, hy kin him nou sels wol rêdde. Hy kriget my hjir tofolle to keap en wirdt ek to minskich. Soarte by soarte, en bisten by elkoar. Jim moatte ek net al to faek nei him ta.”

Wy wisten wol det soks der fen komme scoe, mar it moeide ús tige. Dy deis ha wy him nochris tige fortroedele.

Dêr gyng heit hinne mei ús lytse skat.

„Dei Wouterke, dei lammetammeteite”, rôpen wy him noch efter-nei, „mar gau great wirde hear, en astû den in skiepkje bist, scille wy mei dyn lytse teikes boartsje!”

Mar it gûlen stie ús dochs neijer as it laitsjen.

A. M. WYBENGA.

